


IT LIBBEN YN EN ROUNOM IT ANDERS MINNES HÛSKE OM IT JIER 1940 HINNE

Pieter Sijtsma

Anders Minnes Wijbenga wenne mei syn frou en twa bêrn op in gernierspultsje mei 7,5 pounsmiet* greide en 4 pounsmiet boulân tusken Nijewier en Wetsens. Hij wenne noch krekt yn Nijewier, want as hij oan de oare kant fan de wei wenne hie, dan wie it Wetsens west. It hûs hie as húsnûmmer I 33. Elts doarp hie syn eigen letter. Bijgelyks alle húzen yn Wetsens begounen mei in M. En dy fan Nijewier mei in I fan Izaäk, folge troch in getal.

* Pounsmiet: in âlde lânmjitte = ca.36,7 are (36,74363358816)

Skets gernierspultsje.



De foarein

It foarein bestie út in gonkje mei in wenkeamer. Yn de wenkeamer sieten twa bedsteden mei griene doarren. Yn eltse bedstede koenen twa minsken sliepe. Tusken de beide bedsteden siet in dûbele kast foar klean en lytsguod. Fansels stie der in koalenkachel ûnder de skoarstienmantel. Yn it midden fan de keamer in tafel mei dêr omhinne in stik of seis stuollen. Der siet in houten flier yn. ûnder de tafel in flierkleed mei dêr omhinne seil. Yn de keamer stie in dressoir en in thékastje. Op en yn it thékastje stienen wat kopkes en pantsjes mei in ienpits piteroaljesteltsje om de thé of kofje waarm te hâlden. En boppe de tafel hong fansels in lampe, Oan de bûtenkant wie it in healstiensmuorre en oan de side fan de gong in houten sket. Sawol tsjin de muorre as it houten sket wienen latsjes spikere mei dêrop linnen spant en dêr kaam dan it behang oerhinne. Men kin sich wol foarstelle dat der somtiden wol muzen efter it behang sieten.

It bysûndere oan dizze went is dat neist de foarein noch in stik oanbout wie. Dêryn siet ûnder oaren Anders syn wurkkeamer, dy't ek brûkt wurde koe as sliepkeamer foar de âlders. As Anders net mei syn boerewurk dwaande wie, dan siet hij hjir syn gedachten oan it papier ta te fertrouwen.

Boppe de beide foareinen wie in houten souder mei balken: in balkenplafond dus. Dy beide souders waarden brûkt foar opslach fan spul dat men net alle dagen nedich hie. De souder boppe de wenkeamer wie allinnich fanút de skuorre te berikken en de souder boppe de wurkkeamer fan bûten oan de efterkant.

ûnder de bedsteden siet in kelder. Men moast der op de knibbels trochhinne. Yn de kelder koe men hiel wat iten opslaan foar koarte of langere tiid. Foar langere tiid moat men tinke oan griente en fleis yn wekflessen.

Neist de wurkkeamer wie in houten hok mei in flier fan beton. Dêr stienen in pear tafels mei dêrop in pear piteroaljestellen, in tobbe, wat amers, bienders, en ien of twa kasten. Yn dizze rûnte koe men dus iten sierde, de wite en bûnte wask dwaan en ôfwaskje. Mar 's winters, as it frear, dan barde it ôfwaskjen op de tafel yn de wenkeamer.

De efterlein

Dan no it efterste diel bestimd foar de bedriuwsfiering.

Woe men nei de stâl, dan koe dat fansels troch de twadielige bûthúsdoar, mar fanút de gong koe men der ek komme. Dan kaam men earst yn in platte stâl, dy't ôfskut wie fan it bûthús.

Yn dy platte stâl (dêr wie gjin groppe efter, fandêr de namme platte stâl) stie it húske mei in doar der foar. Dêr leinen ek stikjes papier, faaks fan kranten om jo snappe dat wol. De húsketonne moastst eltse wike lege wurde op de skerne. Ek wie der yn de platte stâl romte foar wurkklean, learzen, klompen, ensh.

Yn it bûthús wie plak foar seis kei. Twa kear deis moastst der molke wurde. Moarns om healwei seizen en middeis om healwei fiven. Twa kear deis moastst der mjukse wurde; de jarre kaam yn de jarrekolk dy't op gesette tiden lege waard en dan mei de houten jarrebak mei in mûntje dêrefter, oer it lân struit waard.

Boppe de kowestâl wie in heasouder. De skuorre waard meast brûkt foar opslach fan wat ark, en 's winters foar opslach fan strie, foerbitten en de poatierdappels foar it nije seizoen. Ek as in ko krekt kjelle hie, dan kaam it keal dêr ek earst te lizzen yn wat strie. Wie it in boltsje dan waard dit al gau ferkocht oan de fékaepman. Wie it in kokealtsje dan mocht it bij de boer opgroeie en krige it in namme. Wijbenga hie in pear kij dy't Riemke en Klaske hieten. It kokeal krige de namme fan de mem mei it folgjende nûmer. As der al trije kear in Riemke beneamd wie dan waard it keal Riemke 4 neamd. Nei in pear dagen kaam dan ien fan it molkfabryk, de saneamde keallesketser, en makke in tekening fan it kokeal op in kaart mei dêrbij de bertedatum en de namme fan de heit en mem. En wa't fansels de eigner wie fan it kokealtsje. Dit wie fan belang foar in mooglike ferkeap lettter as keal, hokkeling as ko.

Neist de skuorre, dus efter de wurkkeamer, wie noch in houten hok mei in betonnen flier. Dêr koe it hynder stean en wat jongfé, bijgelyks hokkelingen en/of keallen. Ek wie der romte foar in baarch en wat hinnen.

Rûnom it hûs wie aardich wat hiem. Neist it hûs oan de kant fan de wei wie in blikke mei wat blommeperkjes en dat wie der ek oan de foarkant. Om hûs hinne wienen ek in pear hagen en bij de muorre op wie in klimop. Der wie in grutte grientetún mei krús-, reade en wite beibeamkes. En dêr efter wat lytse ekerkes foar de bou fan grient: beantsjes, woartels, sla, andyvje, reade biten, sprútkoal, blomkoal, reade koal, ierdbeien, ensh. De grientetún waard fêst ûnderhâlden troch frou Wijbenga, mar Anders Minnes moastst it yn de hjerst wol omspitte.

Efterhûs wie plak foar de skerne, in hea- of kúlebult, de rúterstokken, de jarrebak mei it mûntsje, de fytskarre foar de molkbussen en in boerewein. Sa't al earder fertelt is, waard der twa kear deis molken. As de kei krekt kealle hienen, dan wie de boer mei ien ko gau in kertier oan it melken. As it wat mei siet joech in folwoeksen ko yn it earstoan nei it kealjen wol 14 à 15 liter per kear. Dat waard yn de rin fan de tiid wol minder. ûngefear trije wiken foar it kealjen stoppe de boer mei it melken. Faaks joech de ko dan noch mar in liter as trije of fjouwer per kear en koe de ko al syn enerzy brûke foar it keal dat yn har groeide. In rier, dy't foar de earste kear kealle hie, joech gemiddeld tusken de acht en tsien liter per kear.


Neidat in ko kealle hie, kaam er nei in maand of trije ûnder de bolle. In gernierke hie faaks gjin bolle dus gie hij mei de ko nei in boer ta dy't wol in bolle hie.

Yn it gefal fan Anders Minnes gie hij bijgelyks nei Jippe Wijbenga op it Heech of Douwe Dijkma of Auke Nutma. Anders Minnes moastst der fansels wol foar betelje.

As de kei op stal stienen dan krigen ze hea en miskien kúle, wetter (dat waard mei amers ut de sleat helle bij it stalt), foerbitten (yn plaskes snijdt troch de bitesnijer) bitenlof en wat fékoekjes. Dan moaststen ek noch de hokkelingen en de keallen fersoarge wurden. En as der in hynder wie, dan ek dy noch. It bitenlof waard ek wol ynkúle, sadat men de hiele winter troch de kei dêr ek mei fuorje koe.

It wurk thús en op it lân

Skets omjouwing



Begjin maeie kaam it fé buten. Dan waard it fersoargjen fan it fé wat makkeliker. Mar der bleaun wol wurk genôch. Want der moatst gêrs meant wurde, hea makke. Hie men gjin meanmasjine dan moatst dat mei de seine barre. Of men brûkte de meanmasjine fan de buorman. Mar hie men wol in hynder dan koe men dus mei buorman syn meanmasjine en mei help fan it hynder fan de buorman beide hynders foar de meanmasjine sette, As men net in heaskodder hie, dan moatst it meande gêrs mei in foarke of rieuwer útelkoar skodde wurde, sadat it moai troch de sinne droechje koe. Dat sil faaks bij Anders Minnes it gefal west ha. Kaam der in reinbui oan dan waard it droege gêrs gau yn opperkes set en letter mei moai waar wer útelkoar struit. Wie it hea ré om binnen helle te wurden dan waard it mei de rieuwer op moaie rigels bij elkoar harke en/of yn de skuorre op de souder of oan de heabult brocht. It kaam ek wol foar dat it earst nog op rúterstokken set waard en letter binnen helle. En Anders Minnes hie rúterstokken dus dat sil fêst plak foun ha.

Sa lang as it koe, bleaun it fé bûtendoar, faaks wol oant healwei oktober ta. Dan kaam it wer op stâl.

Anders Minnes hie fjouwer pounsmiet boulân. Twa pounsmiet oer It Set (oan de oare kant fan de Nijewierster opfeart) en twa pounsmiet op it Heech. Hij sil fêst ierdappel, biten en weet of jouwer ferbout ha. De jirpels mochten net de earste twa jier op itselde stik groun ferbouwd wurde om jirpelwurgens tsjin te gean. jirpels freget nammentlik in protte fan de groun. Troch in kontroleur fan de keuringtjinst waard dat goed kontroleare. It wie dus wikselbou.

Alles gie mei de hân: it jirpelsetten en –sykjen. It bitedollen, it weet of jouwer sichtsjen, it wjuden, it dongjen, ensh. It wie allegearre behoarlijk arbeidsintensief. En dan wie men ek altyd ôfhinkelik fan it waar. Faaks hat Anders Minnes syn frou goed mei holpen. Dêr kin men gerêst fan útgean. En dan mocht men bij it hjerst ek noch sleathekkelje. Dat moatst foar ien novimber klear wêze. De konklúzje is wol: In gernier hie it drok.

En frou Wijbenga dan? Alles moatst yn de hûs ek mei de hân dien wurde: waskje, poetse, stofje, iten klear meitsje, wekflessen klearmeitsje, klean meitsje, sokken stopje, breidzje, de (griente)tún dwaan, it paadsje skjin hâlde, de bêrn fersoargje, ja wat al net mear. En dan net te ferjitten har man helpe as it drok wie op it lân.

Sa wie it libben op in lyts buorkerijtsje net makkelijk. It wie altyd skrippen om de eintsjes oan elkoar te knoopjen. Mar sa wienen der safolle lytse boerespultsjes. Lokkich hie men altyd wol iten en drinken. Mar fierders wie it gjin fetpot. En sa wie it ek bij de húshâlding van Anders Minnes Wijbenga. It is hiel bysunder dat Anders Minnes safolle tiid stekke koe yn syn skriuwen en wat der fierders noch efterwei kaam.